

Op de twaddde konferinsje fan de Fryske Geasteswittenskippen mei de namme “Fearkrêft fan it Frysk: Plak en bydrage fan Tony Feitsma yn in spanningsfol fjild fan krêften” hat Hilda Schramin presintaasje oer fearkrêft yn meartalige fermiddens hâlden. Dizze presintaasje gong oer de taaloerdracht fan it Frysk binnen hûshâldings. Oan ‘e hân fan enkêtegegevens fan it Heit&Mem-panel hat sy ûndersocht wat de redenen wêze kinne fan it al dan net slagjen fan de oerdracht fan it Frysk fan âlden op bern. Hjir folget de tekst fan dy presintaasje.

Twataligens en oerdracht fan it Frysk: It effekt fan in ferskillende oanpak fan âlden op it Frysk fan har bern

Hilda Schram


Wêrom is de fearkrêft fan it Frysk in tema? Tony Feitsma wie ambifalint oer dy fearkrêft, sy fûn it in wûnder dat it Frysk noch bestiet en noch yn frij libben gebrûk is. Oan ‘e ein fan har libben konstatearre se dat de status fan it Frysk noch noait sá geweldich west hat, mar ek dat it oan ‘e oare kant in swiere sile te lûken hat.



Ik bin ek net sa optimistysk oer de fearkrêft fan it Frysk. It is dúdlik dat der wat oan ‘e hân is, de posysje fan it Frysk is in hiel oare as noch mar in pear desennia ferlyn. It is in taal dy’t yn hieltiten *mear* sitewaasjes hieltiten *minder* brûkt wurdt.

Ik wit noch goed, doe’t ik yn ’69 yn Fryslân kaam te wenjen (en noch noait Frysk heard hie), hoe gewoan oft it wie dat der oeral Frysk praat waard. Tidens myn autorydles waard der Frysk praat, op ‘e dyk, yn Drachten, waard der Frysk praat, myn lettere skoanfamylje prate Frysk tsjin my wylst ik dat noch net die en freonen fan myn man, allegear Frysktalich, allyksa. Dat is no wol oars. It wurd “ferbrekFriezen” is wylst munte en eltse Frysktalige snapt fuortendaliks wat dêrmei bedoeld wurdt.

Dat komt fansels omdat it Frysk in minderheidstaal is; taalkundich makket dat it Frysk net oars mar yn ‘e praktyk hat dat grutte gefolgen. Dat it in minderheidstaal is betsjut dat der ek in mearheidstaal is, we libje hjir yn in meartalige wrâld.



En dat is moai, meartaligens is in rykdom, mar dêr skûlet ek in gefaar yn, in minderheidstaal is in taal yn gefaar omdat de mearheidstaal, de *dominante* mearheidstaal, de minderheidstaal fan har plak triuwt. Dominânsje kin hjir hast biologysk opfetten wurde: sa as yn ‘e genetika in dominant skaaimerke frijwol altiten oerhearsket, sa is by ynteraksje tusken sprekkers fan in minderheids- en in

mearheidstaal de dominante taal hast altiten de taal dy't *troch beide* keazen wurdt. En sa krijt hjir it Hollânsk hieltiten mear de oerhân.

Mar in protte minsken, en ik nim oan dat de hjir oanwêzigen der ek sa oer tinke, fine it wichtich dat it Frysk bestean bliuwt en troch kommende generaasjes brûkt wurdt.

En dat sil net fansels gean.

Ien fan 'e wichtichste faktoaren foar it fuortbestean fan in taal is dat âlden de taal oan har bern trochjouwe. Ommers, as de nije generaasje it net mear praat dan is it gau dien.

Dêrom is it moai dat de Stichting Frysktalige BerneOpfang (SFBO) it saneamde Heit&Mem-panel oprjochte hat, dat yn elts jier fan 'e perioade 2015-2018 data sammele hat oer it taalgebrûk yn 'e hûshâlding en yn 'e fierdere omjouwing. Troch dit Heit&Mem-panel binne der enkêtes hâlden. Yn totaal giet it om 745 bern út 342 hûshâldens mei op syn minst ien bern tusken 0 en 6 jier dêr 't ien fan 'e âlden ien of mear kear de enkêtes ynfold hat. Dizze âlden hawwe har frijwillich oanmeld, it is dus gjin represintative stekproef, dat moatte we by it beoardieljen fan 'e resultaten dy't ik presintearje sil wol yn 'e achterholle hâlde.



De fragen geane, sa as sein, oer it taalgebrûk yn 'e hûshâlding en ek oer it taalgebrûk yn 'e neiste omjouwing, mar ik haw my beheind ta de taalsitewaasje yn 'e hûshâlding, ta it taalgedrach fan 'e âlden tsjin 'e bern en dat fan 'e bern tsjin harren. Dat is nammentlik net altiten itselde: bern tsjin wa't de âlden Frysk prate, prate dat net altiten likefolle werom. En dat yntrigearret my, want ik bin der altiten fan útgong dat bern dat wól dogge.

Wat makket no de kâns it grutst dat bern Frysk weromprate tsjin âlden dy't dat ek tsjin harren dogge en hokker faktoaren ha der ynfloed op dat bern minder Frysk weromprate? Is it it oanbod, hoefolle en hoe faak der Frysk tsjin it bern praat wurdt? Makket it wat út hoe konsekwint der Frysk praat wurdt of dat Frysktalige âlden ek wol Hollânsk mei it bern prate? Is it miskien de status fan it Frysk dy't in rol spilet? Of in gearmjuks fan dizze faktoaren?

Ik sil my hjir beheine ta de earste twa faktoaren: hoefolle Frysk en hoe konsekwint.

De taaleftergrûn yn 'e hûshâldings dy't oan 'e enkêtes meidogge is dat óf

- Beide âlden Frysktalich binne
- Ien fan beide Hollânsktalich is
- Ien fan beide oarstalich is
- Beide âlden Hollânsktalich binne

(Ek kompleet Hollânsktalige hûshâldings koene meidwaan oan 'e enkêtes. Dêr wurdt yn dizze presintaasje fierder neat mei dwaan.)

Fan hûs út Frysktalich wol noch net sizze dat je ek Frysk mei jins bern prate. Yn 'e enkête wurdt it feitlike taalgebrûk fan sawol âlden as bern tsjin inoar metten op in 7-puntsskaal, rinnend fan (hast) altiten Frysk (1) oant altiten Hollânsk (7).

Hoe 't se dat konkreet, yn 'e praktyk útfiere wurdt as folget werjûn:

Feitlik taalgebrûk

7-puntsskaal:

- 1: altiten Frysk
- 2: meast Frysk
- 3: mear Frysk as Hollânsk
- 4: likefolle Frysk as Hollânsk
- 5: mear Hollânsk as Frysk
- 6: meast Hollânsk
- 7: altiten Hollânsk




Hoefolle en hoe faak de âlderpearen it Frysk, it Hollânsk en evt. noch in oare taal brûke tsjin 'e bern rint fan beide (hast) altiten Frysk (A, skoare 1 en 2) oant beide altiten Hollânsk (F, skoare 6 en 7). (De 2 lêste groepen komme hjir net oan 'e oarder.) De letters A-F binne dus in soarte fan gemiddelde fan beide âlden.

- A: beide âlden (hast) altiten Frysk
- B: ien (hast) altiten Frysk, de oar sawol Frysk as Hollânsk (mingd)
- C: ien (hast) altiten Frysk, de oar ien (hast) altiten Hollânsk (OPOL)
- D: beide sawol Frysk as Hollânsk (mingd)
- E: ien sawol Frysk as Hollânsk (mingd), de oar (hast) altiten Hollânsk
- F: beide (hast) altiten Hollânsk


Keppelen oan 'e 7-puntsskaal sjocht dat der sa út. Grien is de iene âlder, blau de oare en dan ha je linksûnder de âlden dy 't *beide altiten Frysk* tsjin 'e bern prate, rjochtsboppen de âlden dy 't *beide altiten Hollânsk* tsjin 'e bern prate en yn 'e midden de groepen dêr 't beide talen op 'e ien of oare manier brûkt wurde.

Taalsitewaasje hûshâlding



By groep A wurdt der ek noch ûnderskied makke tusken A1 en A2. Dat is omdat oan 'e âlden de kar foarlein is oft se "(hast) altiten" =skoare 1 of "meastentiids" = skoare 2 Frysk prate tsjin 'e bern. Dus A1 is *altiten* Frysk en A2 beide âlden *meastentiids* Frysk of in kombinaasje fan dy beide.

Konsekwiint Frysk (A1) en net alhiel konsekwiint (A2)



De groepsgruttes binne hiel ferskillend, fierwei de measte hûshâldings binne dy dêr 't de talen it meast konsekwiint praat wurde, groep A en C (en F, mar dy komt hjir dus net oan bod). It giet hjir oer de bern dy't al prate.


De groepsgruttes

- A: 366 bern 190 hûshâldens
 - A1: 329 bern 172 hûshâldens
 - A2: 37 bern 18 hûshâldens
- B: 23 bern 15 hûshâldens
- C: 108 bern 71 hûshâldens
- D: 15 bern 8 hûshâldens

Om te sjen nei wat de mooglike ynfloed is fan de ferskillende manieren fan taaloanpak op it Frysk werompraten fan 'e bern haw ik de folgjende groepen âlden ferlike:

- beide konsekwiint Frysk (A1) ↔ (ien fan) beide net alhiel konsekwiint (A2)
- beide meastentiids Frysk (A) ↔ ien meastentiids Frysk + ien mingd (B)
- ien meastentiids Frysk + ien mingd (B) ↔ elk ien taal: OPOL (C)
- elk ien taal: OPOL (C) ↔ beide mingd (D)

Wat bern weromprate yn groep A1 en A2




Yn groep A1 prate hast alle bern altiten Frysk werom, inkeld in lyts persintaazje praat meast of altiten Hollânsk.

Yn groep A2 praat noch mar 2/3 fan 'e bern altiten Frysk werom en 1/3 meast of altiten Hollânsk

It ferskil tusken dizze groepen is frij grut, wat eins wol ferbaast om't it ferskil tusken "(hast) altiten" en "meastentiids" net hiel skerp is en foar ferskillende ynterpretaasjes fetber liket. We moatte wol de kanttekening meitsje dat groep A2 lyts is, dus fiergeande konklúzjes binne net op syn plak.

Wat bern weromprate yn groep A en B




Praat yn groep A hast 9/10 fan 'e bern meastentiids Frysk werom, yn groep B is dat noch mar 1/3, tsjin de meast Fryskpratende âlder.

Yn groep A praat noch gjin 1/10 fan 'e bern meastentiids Hollânsk werom, by groep B is dat mear as de helte!

Ek groep B is wer lyts. Mar it ferskil mei groep A is sa grut dat it rjochtfeardige liket te konstatearjen dat de yntrodukse fan aardich wat Hollânsk de kâns op in Frysktalige respons fan 'e bern tsjin 'e meast Fryskpratende âlder, behoarlik ferlytset.

Wat bern weromprate yn groep B en C




Hoe is dat yn 'e OPOL-groep, C wannear 't de net-Fryskpratende âlder allinnich mar Hollânsk tsjin 'e bern praat?

Yn groep B praat 1/3 fan 'e bern altiten Frysk werom, yn groep C is dat oantal alwer de helte lytser, dêr praat noch mar 1/6 fan 'e bern altiten Frysk werom tsjin 'e Fryskpratende âlder.

Yn beide groepen is it persintaazje bern dat (hast) altiten Hollânsk werompraat tsjin 'e (hast) altiten Fryskpratende âlder mear as de helte. Ek hjir is it ferskil yn groepsgrutte wer grut; mar B, 1 altiten Frysk + 1 mingd, liket wat súksesfoller as OPOL: 1 altiten Frysk, 1 Hollânsk.

It liket der op, sa 't dat ek yn in ûndersyk fan Wassenaar en van der Werf nei foaren komt, dat it foar it Frysk werompraten fan it bern goed is dat de minst Fryskpratende âlder dochs ek út en troch Frysk praat.

Wat bern weromprate yn groep C en D




Dit is in nijsgjirrige ferliking om 't yn beide groepen it totale oanbod Frysk ûngefear likefolle wêze sil, nammentlik de helte, allinnich de oanpak is oars.

Yn 'e OPOL-groep praat 1/6 altiten Frysk werom en 1/4 mear Frysk as Hollânsk, 7/10 mear Hollânsk as Frysk.

Yn 'e mingde groep D praat net ien bern altiten Frysk werom, op syn meast de helte fan 'e tiid, en praat 8/10 fan 'e bern mear Hollânsk as Frysk werom. Mar dit is ek logysk, ommers, net ien fan beide âlden út groep D praat sels altiten Frysk.

Wat bern weromprate yn groep D (skoare 3-5)



Miskien prate guon fan dizze bern wol altiten Frysk werom as de âlder dat docht, mar dy fraach is net steld. Wat we wol sjogge is dat hast al dizze bern folle minder Frysk weromprate as wat har âlden

tsjin har dogge, sawol de bern mei âlden dy 't in bytsje mear Frysk prate as Hollânsk (skoare 3), as dy fan âlden dy't likefolle Frysk as Hollânsk (skoare 4) of sels mear Hollânsk (skoare 5) prate.

We hawwe by D wer mei in hiele lytse groep te krijen, nammentlik 15 bern (yn 8 hûshâldings). As 1 of 2 bern oar taalgedrach fertoane soene krigen je al in hiel oar byld. Mar it is wol dúdlik dat in protte Hollânsk by beide âlden de kâns dat it bern Frysk werompraat noch wer mear ferlytset.

Konklúzjes

In dúdlike konklúzje út dit ûndersyk is dat wat mear en wat konsekwinter der Frysk tsjin in bern praat wurdt, wat grutter de kâns is dat sy of hy dat ek werompraat.

En wat mear Hollânsk der tsjin it bern praat wurdt, wat lytser de kâns wurdt dat dy Frysk tsjin 'e Fryskpratende âlder praat.



Onrekommandaasjes foar ferfolchûndersyk:

- Neier ûndersyk nei de OPOL-oanpak. De OPOL-oanpak wurdt nammentlik faak as dé manier sjoen om 2-taligens te befoarderjen, en dat tink ik sels eins ek, dus it resultaat út dizze enkête fernuveret my en nûget út om te ûndersykjen hoe 't dit no krekt sit.
- Kwalitatyf ûndersyk nei de yndividuele gefallen dêr 't bern eins allinnich mar Frysk oanbean krije en it dochs net weromprate.

Ik haw my hjir beheind ta de thússitewaasje, ta wat bern tsjin har âlden prate. Dêrmei hawwe we fansels noch neat sein oer wat dizze bern bûtenshûs dogge. En ek dat is wichtich en in fierder ûndersykstema:

Wat kin fan ynfloed wêze op it taalgedrach fan bern bûtenshûs?

- it taalgedrach fan 'e âlden bûtendoar
- it taalgebrûk fan de omjouwing
- oft it in doarp of stêd onbelanget
- wat der op 'e kres praat wurdt
- wat der op skoalle oan it Frysk dien wurdt

Pas as it Frysk net allinnich foar hûs-, tún- en keukengebrûk mar ek bûtendoar brûkt wurdt en wurde kin, kin it Frysk úteinliks bestean bliuwe. Pas dan kin it Frysk echt fearkrêft krije.

Betingsten foar it fuortbestean fan it Frysk:

- Frysk net allinnich foar hûs-, tún- en keukengebrûk
- Frysk ek bûtendoar

→ **fearkrêft** fan it Frysk

Mar fearkrêft betsjut net allinnich “bestean bliuwe”, it betsjut ek “wer opspringe”.



Taaloverdracht fan it Frysk bûtenshûs is dus ek noadich
Dêrby kin tocht wurde oan:

- Foarljochting oer de mearwearde fan meartaligen
- Foarljochting oan pjutteliedsters en (takomstige) ûnderwizers oer
 - it belang fan oerdracht fan it Frysk
 - de ymplementaasje fan it Frysk
- In trochgeande learline oer alle ûnderwiisnivo's

Koart gearfette: Wat noadich is **in aktiver en eksplisiter taalbehâld- en revitalisearringsbelied**.

